



FNP ferkiezingsprogram 2015-2019

5

**‘Minder Den Haach,
Mear Fryslân !’**

10

Fêststeld

yn de Algemiene Ledegearkomste

fan de FNP op 7 novimber 2014

15

Ynhâld

Side

3. **0. De 7 kearnwearden fan de FNP**
- 5
4. **1. Ynlieding** - Gearwurkje foar alle ynwenners fan Fryslân – Us ynset foar de kommende fjouwer jier - Oer de yndieling fan dit program
6. **2. Fryslân bestjoert** - De leie sels yn hannen! - Kearntaken fan de Provinsje - Gearwurking mei oare oerheden - In eigen plak yn de Earste Keamer - Aktyf yn Europa
- 10 9. **3. Fryslân rekkenet** - Baas oer de eigen finânsjes – de ferhâlding mei de Rânestêd – lykwicht yn ynkomen en útjeften – belastingen - topsalarissen
11. **4. Fryslân wurket**– Perspektyf foar de ekonomy kwaliteit foar rekreaasje en toerisme – ferkear: kosten en baten – iepenbier ferfier ferbetterje -
- 15 15. **5. Fryslân libbet** - Ynset foar de mienskip – Kulturele Haadstêd 2018 – It Frysk en de streektalen – Underwiis: kwaliteit en meartaligens – Sport: Thialf en Fryske sporten – Media: Omrop Fryslân en in Frysk mediasintrum
20. **6. Fryslân wennet** - De kwaliteit fan de romte – Krimp yn de regio – Wenbelied werom nei de maatskiplike taak – lokale foarsjenningen – streekaginda's - detailhannel
- 20 23. **7. Fryslân duorsum** - Enerzjy: alternativen foar wynturbines – romte foar lokale mienskip, lânskip en leefomjouwing – kringloop by oare grûnstoffen – sûn wetter en droege fuotten – wetterbehear kritysk hifkje – feangreide en maatskiplike kosten
27. **8. Us griene goud** - Natuer en lânskip – De EHS en gebietsûntwikkeling – Agrarysk Natuerbehear – Fryslân greidefûgellân – Ferantwurdlik foar de natuer – Duorsume fiskerij

7 Kearnwearden fan de FNP

Demokrasjy: De FNP fynt dat de macht oer de oerheid fan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.

- 5 **Federalisme:** De FNP stiet in steatsynrjochting foar dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de provinsje, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.

- 10 **Ynternasjonalisme:** De FNP siket nei wat minsken bynt en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgingen steane dêrby sintraal.

Taal en kultuer: Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom noed foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Bildts en it Stellingwerfs.

- 15 **Undernimmerssin:** De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmersskip de romte jaan, dat minsken en mienskippen by steat binne har optimaal te ûntwikkeljen.

Solidariteit: De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik behâlden en fersterke wurde, dat nimmen oan de kant komt te stean.

- 20 **Duorsumens:** De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan potfearre siket de FNP nei ekonomyske bestansfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.

1. Ynlieding

Gearwurkje foar alle ynwenners fan Fryslân

De FNP set him as politike partij yn foar alle ynwenners fan Fryslân. De FNP giet yn it foarste plak út fan de belangen fan Fryslân. It giet de FNP derom dat de minsken yn Fryslân sels safolle mooglik te sizzen krije oer har eigen takomst. Wat út De Haach en Brussel wei op Fryslân ôfkomt moat dêrom ek yn it belang wêze fan Fryslân. De FNP is gjin filiaal fan Haachske partijen en sadwaande dé partij om foar Fryslân op te kommen.

Dat docht de FNP yn gemeenterieden, wetterskipsbestjoer, Provinsjale Steaten, de Earste Keamer fia de Onafhankelijke Senaatsfractie (OSF) en fia de eigen partij Europeeske Frije Alliânsje (EFA) yn it Europeesk parlemint.

Fryslân is gjin eilân. Dêrom stiet de FNP iepen foar gearwurking binnen Nederlân en Europa. De FNP is út dizze iepen opstelling wei ree om ferantwurdlikheid te dragen en mei oaren te besykjen in polityk program om te setten yn bestjoerlike dieden. De ôfrûne fjouwer jier hat de FNP bestjoerlike ferantwurdlikheid droegen yn de provinsje. Yn hieltyd mear gemeenten nimt de FNP diel oan it kolleezje en krijt hieltyd mear riedsleden. De FNP is sterk bewoartele yn de Fryske Mienskip. Jo kinne dêrom op de FNP oan!

Us ynset foar de kommende fjouwer jier

De tiden fan automatyske groei fan ekonomy, befolking en finânsjes lizze efter ús. Derby komt dat de polityk yn De Haach hieltyd wiffer wurdt, de Rânestêd mear en mear sintraal komt en de minsklike mjitte fan it plattelân nei de eftergrûn rekket. De besunigingen, de politike ynstabiliteit en de eangst foar Europa liede ta sintralisasje, opskaling en hieltyd mear ôfstân tusken boarger en bestjoer. Wy wolle de minsklike mjitte wer werombringe, wy wolle sizzenskip oer elemintêre saken as soarch, ûnderwiis en kultuer weromjaan oan ús ynwenners. Wy wolle it mei krêft tebekkingen fan de privatisearing fan organisaasjes dy't eartiids 'publyk', dat wol sizze yn hannen fan de oerheid wienen. Soks betsjut ek dat net allinnich de ynfloed fan managers, mar ek harren salariearring oan bannen lein wurdt, net allinnich yn De Haach, mar ek yn Fryslân. Wy wolle ús ynwenners wer sintraal stelle en net inkeld mar as konsumint of as nûmer benaderje. Dat jildt nammestemear foar Fryslân, dêr't wy in selsstannige en werkenbere provinsjale oerheid hawwe. Fryslân, ús provinsje, kin de brêge slaan tusken boarger en bestjoer. Mei in logyske ferhâlding ta de gemeenten en mear eigen foech en sizzenskip as oant no ta.

Fryslân moat dus mear as inkeld mar in selsstannige provinsje bliuwe. De provinsje is net samar in bestjoerlike middenlaach. De provinsje moat yn de folle breedte noed stean kinne foar de belangen fan har ynwenners. Dy provinsje moat de minsklike mjitte fan it bestjoer stal jaan. In referindum oer it foech oer de tagonklikens en de sprieding fan sikehuzen, wenningkorporaasjes en boppegemeentelike soarchynstellingen yn 2017 is dêrta in earste oanset.

Fryslân hat as provinsje in fin mear as in bears. De kearnkwaliteit fan Fryslân, it lânskip en de romte, dy moat beholden en fersterke wurde. Dat is ús griene goud, der't wy hoeden mei omgean moatte mar ek fan profitearje meie. Gjin nije wynmûnen derby op it lân, de besteande opromje en oanstean op in mear duorsume enerzjy-opwekking dy't te'n goede komt oan mins en miljeu.

- 5 Dêrnjonken hawwe wy fansels ús eigen taal en kultuer. Yn 2018 is Ljouwert Kulturele Haadstêd fan Europa. It ferhaal fan Fryslân sil dêr yn syn hiele hear en fear ferteld wurde moatte. It stadich oan útknipen fan ús eigen omrop moat ophâlde.

- 10 Fryslân is in provinsje mei potinsje. Mei ús sterke midden- en lytsbedriuw, de rekreaasje sektor, in beheind groeiende lânbousektor en de Fryske kennisinstellings kinne wy yn ekonomysk op sicht de kommende fjouwer jier fierder groei yn wurkgelegenheid. De provinsje moat alle war dwaan, ek no't de ekonomy krekt wer wat better begjint te rinnen.

Oer de yndieling fan dit program

- 15 It folgjende haadstik jout in ramt oan foar in oare ferdieling fan it foech tusken it Ryk, Fryslân en de gemeenten. De oare haadstikken jouwe per tema oan hoe't de FNP nei de ûnderwerpen sjocht, en jouwe in konkrete útwurking.

Dit ferkiezingsprogramma is bedoeld foar de ferkiezings fan Provinsjale Steaten yn 2015. Dêrom leit de klam op wat de provinsje neffens ús dwaan moat de kommende fjouwer jier. Mar fansels sille wy hjir en dêr ek wat sizze oer de gearwurking mei de oare oerheden.

20

25

2. Fryslân bestjoert

De leie sels yn hannen!

Fryslân hat binnen Nederlân in bysûndere posysje. Mei mear as 2000 jier skiednis en in sterke identiteit: yn eigen taal, kultuer en lânskip. Mei minder as in eigen bestjoerlik hûs kin it dêrom net ta.

- 5 Mar de trend yn Nederlân is krekt de oare kant út. Grutter, anonimer en ôfstanliker. De skaalfergrutting yn it iepenbier bestjoer, mar by ek de rjochtspraak, it ûnderwiis en by de brânwacht en de polysje, soargje der foar dat dit oerheidsfoech net mear past by de mienskip, mar der krekt fan ferfrjemdet. Boppedat docht dit ûnderstek oan de wurkgelegenheid en de ekonomyske fearkrêft fan Fryslân. De FNP wol dizze skaalfergrutting omkeare en de ynfloed fan de gewoane minsken op hoe't der mei fitale
- 10 oerheidstsjinsten omgien wurdt fergrutsje.

- De provinsje Fryslân moat dêrom mei in dúdlike demokratyske legitimaasje, op termyn mear eigen foech en ferantwurdlikheid krije. Wy wolle it eigen bestjoerlike hûs fan Fryslân yngreven ferbouwe: ferstevigje, ferbreedzje en ferbetterje. Dat kin yn ferskate foarmen. It giet der om dat dy ferbouwing gjin doel op
- 15 himsels is, mar bedoeld om de ynwenners fan Fryslân safolle as mooglik sels stjoer te jaan op harren eigen takomst. De kommende fjouwer jier wolle wy dêrta in earste stap sette. Dat moat in ûnomkearber proses fan desintralisaasje opsmite wêrtroch ús eigen Fryske bestjoer mear sichtber wurdt en mear te sizzen krijt. Dat proses moat stapke foar stapke en op basis fan diskusje en heldere beslútmominten naam wurde.

- De demokratysk legitimearre sizzenkip oer publike foarsjennings lykas sikehuzen, skoallen en
- 20 wenningbouferienings moat nei de mienskip weromkomme. De berikberens en tagonklikens fan sûnenssoarch, folkshúsfesting en ûnderwiis, dat is in saak fan ús allegearre. Sadat ús sikehûs, ús skoalle en ús omrop ek wier wer fan ús binne, en net fan de managers yn De Haach. Dat kin net inkeld mar oan De Haach oerlitten wurde. Dêrom wol de FNP dat de provinsje yn de kommende bestjoersperiode in brede diskusje opset ûnder de Friezen opset. Dy moat liede ta in referindum tagelyk mei de
- 25 gemeenteriedsferkiezings yn 2017 oer de fraach oft en hoe't Fryslân en de Friezen mear stjoer krije oer sikehuzen, wenningkorporaasjes en soarchynstellings. It giet hjir dus om sizzenkip en rezjy op soarch en wenjen op boppegemeentlik nivo. De fraach dy't neffens ús steld wurde moat yn dit referindum is;

- Moat de Fryske boarger mear ynfloed krije op beslútfoarming oangeande sikehúsoarch, boppegemeentlike soarchynstellings en de folkshúsfesting?

- 30 As de mearderheid fan de Fryske kiezers dan ja seit, moat it Frysk provinsjaal bestjoer binnen in jier mei De Haach ûnderhannelje oer de fraach hoe't dy gruttere ynfloed stal krije moat.

Kearntaken fan de Provinsje

De FNP wol in provinsje dy't ferantwurdlikens en middels fan it Ryk oernimt en oare saken oer lit oan de gemeenten.

5 De kearntaken foar Fryslân binne dan ferkear en ferfier, wetter, de Fryske taal en kultuer, natuerbelied, plattelânsbelied, iepenbier ferfier, delfstofwinning, it heger ûnderwiis en de rezjy oangeande romtelik en ekonomysk belied. Wy fine dat Fryslân dêroer mei it ryk yn petear moat om te besjen hoe't Fryslân dy taken oernimme kin. Sa mooglik sil, yn neifolging fan de ynstek mei soarch en folkshúsfesting, hjiroer de miening fan de ynwenners fan Fryslân fernaam wurde moatte.

10 Wy fine dat der in bettere taakferdieling tusken de Provinsje en de gemeenten komme moat. Utgongspunt dêrby binne de hjir boppe neamde kearntaken fan de provinsje. It sosjaal belied, dat de minsken streekrjocht oangiet, bliuwt wat de FNP oangiet dêrom útsoarte it domein fan de gemeente.

15 Wetterskip Fryslân moat wat belied en bestjoer oangiet ûnder de provinsje komme. Dat befoarderet in yntegrale wurkwize en leveret in finansjeel foardiel op. Sa lang as it wetterskip noch net by de provinsje ûnderbrocht is, moat it wetterskip Fryslân bestean bliuwe en net opskale yn oare, gruttere ferbannen.

Gearwurking mei oare oerheden

20 Wy wolle op mear terreinen mei mear oerheden gearwurkje, binnen Nederlan mar ek dêrbûten. De FNP pleitet foar in aktive gearwurking mei Noard- en Eastfryslân. De FNP wol ek dat Fryslân him aktyf presintearret op plakken dy't polityk of ekonomysk foar ús fan belang binne. Yn De Haach, Brussel of fierder yn it bûtenlân. De FNP tinkt dêrby net allinnich kultureel. It giet der ek om de struktuer fan ús ekonomy troch ynnovaasje, kennisútwikseling en eksportbefoarding te fersterkjen. Der moat dêrom in permanint en better sichtber plak komme foar de Fryske lobby aktiviteiten yn De Haach en Brussel.

25 Noardlike gearwurking is prima as dat in mearwearde betsjut foar Fryslân, mar in bestjoerlike skaalfergrutting nei in Noardlik lânsdiel wize wy perfoarst ôf. Fryslân is de grutste provinsje yn Noardlik Nederlân, mei de measte ynwenners en de sterkste ekonomy. Fryslân hat mear kânsen as problemen. Troch sterk en mei selsbetrouwen mei Grinslân en Drinte gear te wurkjen, kin der mear út de Noardlike gearwurking helle wurde. De FNP is tige kritysk oer it IPO. De belangen fan Fryslân snije gauris ûnder yn dy belange-organisaasje foar de Nederlânske provinsjes. De FNP fynt dat binnen it IPO de belangen fan de plattelânsprovinsjes better ta har rjocht komme moatte.

30

In eigen plak yn de Earste Keamer

35 De leden fan Provinsjale Steaten kieze de leden fan de Earste Keamer. De FNP wurket yn de Earste Keamer konstruktif gear mei oare provinsjale partijen yn de Onafhankelijke Senaatsfractie, de OSF. De FNP Steatefraksje sil dêrom op de FNP kandidaat op de OSF list stimme. De FNP is net foar of tsjin it no sittende kabinet, mar fynt al dat fia de Earste Keamer de belangen fan Fryslan better behertige wurde moatte.

Aktyf yn Europa

De FNP hat in iepen opstelling nei de wrâld ta. Wy wolle oer de grinzen sjen fan Fryslân en Nederlân. Dêrom spant de FNP him aktyf yn foar Europa. De FNP fynt dat Europa te wichtich is om oan De Haach oer te litten. Fia de eigen politike partij de Europeeske Frije Alliânsje (EFA) yn it Europeesk Parlemint bringt de FNP yn Brussel streekrjocht saken yn dy't foar Fryslân en de EU fan belang binne. As wy Europa fierder stal jaan wolle, dan moatte de minsken dêr in flinke stim yn krije. Bygelyks troch de mooglikheid en stim op echte mienskiplike Europeeske partijen, en/of troch Fryslân as ien kiesdistrikt foar it Europeesk Parlemint oan te wizen. De FNP sil der yn EFA-ferbân aktyf ta bydrage, dat Europa in hûs fan frede bliuwt en him fier hâldt fan ekonomyske en militêre konfrontaasjes oer ûnwisse grinzen.

10

Aksjepunten:

- a. *Behâld en fersterking fan de provinsje Fryslân as bestjoerlike ienheid.*
- b. *Yn 2017 in referindum oer de fraach oft en hoe't Fryslân en de Friezen mear foech en middels krije moatte as it giet om de sprieding en berikberens fan soarchynstarrings en folkshúsfesting.*
- 15 c. *In bettere ferdieling fan foech, taken en finânsjes tusken ryk, provinsje en gemeenten.*
- d. *It wetterskipsbestjoer moat by de provinsje ûnderbrocht wurde.*
- e. *It foech oer Fryske taal, kultuer en ûnderwiis mei de middels folslein nei de provinsje.*
- f. *De kontakten en ferbannen mei de oare Fryslannen sterker oanhelje en benutte.*
- g. *In aktyf bûtenlânsk belied fan Fryslân rjochte op kultuer, kennis en eksportbefoarding.*
- 20 h. *In sichtber eigen plak foar Fryske lobby aktiviteiten yn De Haach en Brussel ('Fryske ambassade')*
- i. *Ynset fia de EFA foar in mear demokratysk Europa: stimme oer de grinzen op Europeeske listen en Fryslân in kiesdistrikt yn Europa.*

3. Fryslân rekkenet

Baas oer de eigen finânsjes

De FNP stiet foar in hoeden en ferstannich finansjeel belied. De FNP wol dat de Provinsje wurket mei slutende begruttings. Grutte ynvestearrings dêr't de provinsje oan meibetellet, moatte oantoanber foardiel hawwe foar meardere generaasjes. De FNP wol dat it Ryk him hâldt oan de Wet Finansjele Ferhâldings en it Europeesk Hânfêst. Eltse oerheidslaach, eltse provinsje hat neffens dy wet rjocht om sels autonoom oer syn finânsjes te besluten. Iensidige grepen yn de kas troch it Ryk bygelyks yn it Provinsjefûns of it Waadfûns kinne dêrom net. De FNP wol ûndersykje litte wat der allegear oan spesifike doelútkearings noch fierder fersimpele wurde kin. Leafst mei in oerheveling nei it Provinsjefûns, sadat Fryslân sels beslute kin wêr't wy it jild oan útjouwe. Wy wolle gjin útfieringsloket fan it Ryk wurde. De FNP wol dat jild dat hjir fertsjinne wurdt, hjir ek foar in grutter part as no it gefal is, troch ús sels wer ynvestearre en útjûn wurde kin.

De ferhâlding mei de Rânestêd

Haachske útfiningen lykas it ferplichte skatkistbankieren by it Ryk en it tafersjoch op provinsjale reserves en ynvestearrings moatte oan kant. De ferdiel-kriteria fan Provinsjefûns, gemeentefûns en doelútkearings moatte tige kritysk hifke wurde. De provinsje moat aktyf soargje dat sokke kritearia net te'n koste gean fan provinsjes lykas uzes. Regear en ministearjes hawwe wat dat oangiet faak in grutte fiksaasje op de Rânestêd en syn grutte tal ynwenners. Te min wurdt der om tocht dat wy hjir mear kilometers wegen, wetter en lânopperflak hawwe dy't ûnderhâlden wurde moatte. Per kilometer giet der minder oerheidsjild nei it iepenbier ferfier yn Fryslân as nei bygelyks Amsterdam (Noord-Zuid metroline) mar men moat hjir fierder reizgje om earne te kommen! Dizze ûngelikense ferdieling tusken de Rânestêd en de oare helte fan Nederlân freget allegeduerigen ekstra omtinken.

25 Lykwicht yn ynkomen en útjeften

De netto ynkomen fan de provinsje moatte ek yn de takomst genôch wêze om de nije kearntaken út te fieren. Desintraalisaasje moat net útdraaie op in ferkapte besuniging út De Haach wei. De fikse fermindering fan ynkomen út it Provinsjefûns en de desintraalisaasje fan taken nei de gemeenten ta betsjutte dat de kommende perioade ek it amtlik apparaat mei minder ta moat. Soks kin ek troch minder regeljouwing.

De FNP wol dat der in definitive oplossing komt yn de provinsjale Begrutting foar de finansjele dekking fan alle lytsere en gruttere knyppunten yn de provinsjale ynfrastuktuer, en goed ûnderhâld fan wat wy al hawwe. Per stik lykje dat lytse bedraggen, mar alles opteld giet om mûnske list, foar in part ek struktureel te dekken. Oan de ynkomstekant wol de FNP dat de provinsje de lobby foar de gasbaten mei faasje trochset. Mei súkses hat de FNP de ôfrûne perioade de grutte mearderheid fan de Steaten efter dit doel krigen. De opbringsten fan de delfstofwinning ferdwine nei de Haachske skatkiste en Fryslân sjocht der te min fan werom. De lêste 30 jier hat dat minder as 1% west. De mienskip hjir wurdt wol mei

de maatskiplike kosten fan de mynbou opskipe: boaiemsakjen, wetterhúshâlding, fersilting fan lânbougrûn, skea oan huzen en gean sa mar troch. De FNP is foarstanner fan it ynstellen fan in provinsjaal delfstoffefûns. Hjiryn moatte alle revenuen bedarje dy't frijkomme fanwege de gas-en sâltwinning. Wy tinke oan in fûns krekt as yn Noarwegen wêrfan't de rinte-opbringsten brûkt wurde foar fuortsterking fan de ekonomy. Potfertarjen is de FNP in griis. Fryslân kin mei Grinslân en Drinte gearwurking sykje oangeande dizze matearje.

De provinsje is grut-oandielhâlder fan drinkwetterbedriuw Vitens. Dy oandielen wolle wy graach oanhâlde, net allinnich fanwege it finansjele resultaat mar benammen omdat de drinkwetterfoarsjenning as publike kearntaak neffens ús yn publike hannen heart. Itselde jildt foar Alliander, dy't it netwurk fan de elektrisiteit yn Fryslân beheart.

Belestingen

Ferheging fan belesting is foar de FNP in alderlêste middel om de oerheidsfinânsjes sûn te hâlden. Mar in eigen belestingdomein, lykas de opsinten, is in hurde betingst foar de takomst fan Fryslân as Provinsje. Feroarings yn de finansjele ferhâldings fan de Provinsje mei it Ryk moatte der net ta liede dat de Fryske boarger it belije moat. De besteande jildstreamen moatte ynearsten oars organisearre wurde. Dus gjin ekstra belesting, netto gelikense lesten foar de minsken.

Topsalarissen

Untspoarde topsalarissen by wenningstifting, grutte skoallemienskippen en sikehuzen binne der mei oarsaak fan dat it betrouwen yn de oerheid minder wurden is. De FNP wol dêrom dat direkteuren, topbestjoerders en meiwurkers fan oerheden en (semi) publike organisaasjes net mear fertsjinje as in deputearre (de Fryslân-noarm).

25

Aksjepunten:

- a. *De provinsje moat in eigen belestingdomein en iepen finansjele húshâlding behâlde.*
- b. *Net allinnich de útfiering fan taken fan it Ryk nei de gemeenten en de provinsje desintralisearje, mar ek it foech oer de finânsjes dy't dêr by hearre. Leafst troch oerheveling nei it Provinsjefûns, sadat Fryslân tenei sels oer dat jild beslute kin.*
- c. *In fiks grutter part fan de opbringsten fan delfstofwinning moat Fryslân sels oer beskikke kinne. De FNP stiet der op oan dat topbestjoerders en meiwurkers fan publike organisaasjes dy't harren wurkgebiet yn Fryslân hawwe net mear fertsjinje as in deputearre.*

4. Fryslân wurket

Perspektyf foar de ekonomy

De provinsje ynvestearret yn saken dy't de ekonomyske struktuer fan Fryslân effektyf en foar lange tiid oantoanber sterker meitsje. Lykas de Fryske Universiteits Campus (UCF), de Dairy Campus, it World Trade Center (WTC) en Wetsus dêr't de eksport oer de hiele wrâld mei befoardere wurdt. Ljouwert hâldt as haadstêd fan Fryslân spesjaal omtinken, net allinnich as ekonomyske motor, mar ek mei de UCF, de wettercampus en de Fryske kultuerynstellings dy't hjir festige binne. It is wichtich dat de hegeskoallen en de oare publike ynstellings hjir mei har direksjes en bestjoeren bliuwe. De besteande klusters ('hot spots') fan wettertechnology, skips- en jachtbou, metaal en agraryske wittenskip wol de FNP fierder stimulearje.

De provinsje moat geunstige betingsten skeppe, stimulearje en oanjeie mar net sels streekrjocht dielnimme yn bedriuwen. Dat moatte kommersjele ynvestearders sels dwaan. De FNP wol dat mear ynvestearre wurdt yn de bern en jongerein. It is ek in provinsjaal belang dat jongeren hjir in takomst ha en dat de provinsje har ynset om jonge minsken perspektyf en in takomst te jaan. Dêrom pleitet de FNP net allinne foar it stimulearjen fan de kennisekonomy, mar de FNP wol ek mei klam dat de provinsje har sterk makket foar it stimulearjen fan de ambachtsekonomy. Technysk fakmanskip is foar de Fryske mienskip en de ûntwikkeling fan ús ekonomyske basis fan grutte wearde; tal fan jongeren moatte dêr har wurk yn fine. Bedriuwslibben (MKB) en ûnderwiis sille dêrby folle better op inoar oanslute moatte.

De FNP set yn op it befoarderjen fan wurkgelegenheid op it plattelân neffens aard, skaal en karakter. In goede ICT ynfrastuktuer mei glêsefel as nutsfoarsjenning kin dat mei mooglik meitsje. It gebiertsrjochte plattelânsubsidie dat de provinsje fiert is wat de FNP oangiet in foarbyld fan hoe't it fierder moat.

De agraryske sektor stiet de kommende tiid foar in grutte opjefte. Oan de iene kant binne der tal fan mooglikheden ta groei. Fryslân kin de wite motor fan de Europeeske Suvel wurde. Oan de oare kant sil oan strange betingsten foldien wurde moatte wat miljeu en it lânskip oanbelanget. Wy stypje de groei fan de agraryske sektor binnen dizze rânebetingsten. Wy bliuwe dêrby oanstean op fernijing en ferbreiding, sadat in goede ferfrisseling fan in sûne bedriuwsfiering mei omtinken foar miljeu, bistfreonlikens en lânskip ûntstiet. Sa kin bygelyks troch ynset op in sletten grûnbûne kringloop mei dong en oare stoffen binnen de eigen regio ek yn de 'gongbere' lânbou grutte slaggen makke wurde foar it miljeu. De FNP stipet de biologyske lânbou.

Mei de wurkgelegenheid yn de sektor Oerheid hat Fryslân rjocht op in evenredich part fan de ryksbanen.

Kwaliteit foar Rekreaasje en Toerisme

Rekreaasje en Toerisme binne in wichtige sektor foar de Fryske ekonomy mei alle jierren in omset fan sawat € 1 miljard en 20.000 banen. Der is ek op dat mêd ferlet fan mear kwaliteit om oan de winsken fan de toerist te foldwaan. De provinsje stimulearret dêrom kwaliteitsferbettering en fasiliteiten foar de lytsskalige ferbliuwsrekreaasje (campers, boerecampings). De Stinaf-regeling foar stipe oan MKB

5 ûndernimmers is suksesfol en bliuwt dêrom bestean as it oan de FNP leit. Mooglikheden foar seizoensferlenging, nije aktiviteiten en ynnovaasje yn it toeristysk oanbod wurde ek stimulearre. It ferskaat oan gebieten yn Fryslân hat in soad te bieden. Dus ek omtinken foar bygelyks Gaasterlân, de binnenstêden, de eilannen en Súd-East Fryslân. Mar ek Wrâlderfgoed Waadsee, it Woudagemaal en de beide Fryske Nasjonale Parken en Fryske Nasjonale Lânskippen, Sudwest Fryslan en de Noardlike Fryske Wâlden.

Grutskalige ûntwikkeling fan rekreaasjeparken yn it iepen lânskip wol de FNP net. Wy moatte de hin mei de gouden aaien fan rêst en romte net sels slachtsje.

10 De twadde faze fan it Fryske Marreprojekt wurdt útfierd en freget no foaral in stimulearjende en regisseurjende rol fan de provinsje. Der is gjin jild mear om sels alles te beteljen. It is no oan de lokale ûndernimmers en gemeenten om rendearjende ynvestearings te dwaan. Algemiene promoasje, regiomarketing en stipe (ek wer rjochte op kwaliteit) fan Stichting Merk Fryslân hâldt de stipe fan de provinsje. De provinsje giet ek troch mei it útbouwen fan toerisme fia de Marrekrite en it stypjen fan Tourist Info Fryslân (fan de mienskiplike VVV's).

15 De FNP is in grut foarstanner fan it breder meitsjen fan de sluzen fan de Ofslútdyk, foar de wettersport mar ek foar de wurkgelegenheid by de jachtwerven. Wy wolle dat de Provinsje de ûnderhannelings hjiroer yn'e mande mei de belanghawwende gemeenten en provinsjes krêftich trochset.

20 **Ferkear: kosten en baten**

Grutte nije provinsjale ynfastruktuer is net nedich, inkeld as de al besteande ynfastruktuer net foldocht oan lanlike noarmen op it mêd fan feiligens wurdt dizze oanpast en ferbettere. De betingst fan de FNP dêrby is dat de brûkers en de omwenjenden der ek echt op foarút geane.

25 Kosten fan takomstich behear en ûnderhâld weagje dêr swier yn mei. Alle asfalt dat no lein wurdt, moatte we yn de takomst ek ûnderhâlde. De ôfwaging mei romtebeslach en lânskip by ynfastruktuer is ek fan grut belang foar de FNP.

30 Wy binne in foarstanner fan in folweardige maatskiplike kosten-baten analyse foardat der besluten falle oer grutte en djoere yngrepen. In inkele kear is der in grut ekonomysk belang foar Fryslân dat in provinsjale bydrage oan ryksynfastruktuer rjochtfeardiget. De traverse Harns en de rotonde op 'e Jouwer komme yn dat ramt de kommende jierren yn útfiering; de wurkhinder derby moat minimalisearre wurde.

35 It ferhúzjen fan in pear bedriuwen nei in gaadliker plak kin in oantreklik alternatyf wêze foar it oanlizzen fan kompleet nije diken of farwegen. De FNP wol goed omtinken foar de feiligens op de farwegen yn Fryslân, benammen yn situaasjes dêr't berops- en rekreaasjefeart elkoar treffe. De yntegrale beliedsfizy op it behear en gebrûk fan berops- en rekreaasjefarwegen dy't der komme soe, wurdt de kommende perioade oan de Steaten foarlein. Sa kinne wy foarkomme dat der hieltyd djoere besluten naam wurde op basis fan ynsidinten of winsken foar individuele farwegen yn ús provinsje sûnder dat men it gehiel oersjocht.

Nije ynfraprojekten moatte net te'n koste gean fan de ûntsluting fan de doarpen. De FNP bliuwt foar it aktyf provinsjaal fytsbelied. Tagelyk wolle wy ek mear omtinken foar de tsjerke- en kuierpaden. Feiligens en sosjale ferbinings tusken doarpen, bygelyks foar skoalbern, krije neist de kapasiteit fan wegen dêrom mear klam wat de FNP oangiet. De FNP sil him hurd meitsjen bliuwe foar de

5 ferkearsfeiligens troch in goede (wer) ynrjochting fan wegen. Bygelyks mei frijlizzende fytspaden en parallelwegen. Ek de problematyk fan it grutte lânbouferkear hâldt yn dit ramt provinsjaal omtinken.

Iepenbier Ferfier ferbetterje

- 10 De FNP stiet foar in iepenbier ferfier (OV) dat goed tarist en troch it ferlet stjoerd is. Foar elk dy't dat wol is dat út elk plak wei tagonklik en betelber. De kommende perioade sille de Haachske besunigings druk sette op it beskikbere jild foar OV. De grutte busstasjons binne mei troch it krewearjen fan de FNP wer werom yn oerheidshannen. Dizze kinne no better netsjes en gastfrij hâlden wurde as 'fisitekaartsjes' fan de Provinsje foar de reizger. De FNP wol dat de tsjinstregeling net fierder tebek rint, bygelyks troch bus- en treinoanbesteging te kombinearjen.
- 15 De treinferbining tusken Ljouwert en de rest fan it lân moat flink ferbettere wurde. De NS binne der ommers foar hiel Nederlân en net inkeld mar foar it tichtbefolke part yn it Westen. De Fryske treinynfrastruktuer mei net minder fluch of minder feilich wêze as dy yn oare parten fan Nederlân. De Provinsje moat by De Haach oanstean bliuwe op in yntegrale oanlis fan it ERTMS feiligenssysteem oer hiele Nederlân, dus ek yn Fryslân.
- 20 De ynset foar ús eigen provinsje moat wêze dat de leefberens en sosjale taak fan it iepenbier ferfier op it plattelân yn 'e mande mei de gemeenten befoardere wurdt. Bygelyks troch yntegraasje mei buertbussen, Wmo- en learlingeferfier. Rinnende proefprojekten lykas yn Noardeast-Fryslân wurde hifke. Mooglik kinne wy sa'n projekt ferbreedzje. Ek de subsidyjeregeling 'bûtenút-foarút' wolle wy hifkje. Der komt in rezjy-sintrale foar it iepenbier ferfier om fraach en oanbod goed op elkoar oanslute te litten.
- 25 Fryslân moat better oanslute op de Europeeske ferfiersstreamen, mei buslinen, spoarlinen en troch de loft. Fleanfjild Eelde is ek foar Fryslân fan grut belang. De berikberens fan Ljouwert as spoarknooppunt fan Fryslân wurdt wat de FNP oangiet fierder útboud. Fierdere ferdûbeling fan it spoar nei Grins heart dêr by. De mooglikheid fan elektrifikaasje fan dy line wolle wy ûndersykje. En dan oer it ferbettere spoar in trochgeande trein fia Grins en Oldenburg nei Bremen en Hamburg ride litte.
- 30 In goede berikberens fan ús waadeilannen foar bewenner en toerist mei net (mear) yn gefaar komme. De provinsje Fryslân moat dêrom it konsesjefoer foar de waadfeartsjinsten fan it Ryk oernimme. De betingst dy't de FNP stelt is wol dat der foldwaande jild mei komt.

Aksjepunten:

- a. *Stipe en omtinken fan de Provinsje foar UCF, WTC, Wetsus en oare ynstellings yn Fryslân dy't de struktuer fan ús ekonomy troch ûnderwiis en eksportbefoarding ferstevigje.*
- b. *Bliuwend omtinken foar Ljouwert as haadstêd fan Fryslân en ekonomyske motor.*
- 5 c. *Stipe foar breedbân ynternet foar it plattelân en de gebiertsrjochte plattelânsûntwikkeling.*
- d. *By provinsjale subsydzjes benammen projekten 'fan ûnderen op' befoarderje.*
- e. *Stipe binnen betingsten foar de suvelsektor as nije banenmotor foar Fryslân.*
- f. *It nei Fryslân heljen fan research om út lânbouprodukten ferfangers fan nitraten en fosfaten te winnen.*
- 10 g. *Fokus op kwaliteit by de fierdere ûntwikkeling fan Rekreaasje en Toerisme.*
- h. *Yntegraasje fan R&T mei oare aktiviteiten op it plattelân; gjin grutskalige projekten yn de iepen romte.*
- i. *Omtinken yn de marketing foar 'it oare Fryslân' neist de wettersport.*
- j. *Benut de kânsen fan KH2018 foar in bliuwend effekt op R&T.*
- 15 k. *In folweardige maatskiplike kosten-baten analyze by grutte ynfra projekten.*
- l. *De Spoarferbinings fan en nei Fryslân fierder optimalisearje, feiliger en flugger.*
- m. *Farwei troch de Âlde Feanen net opwurdearje foar grutte skippen Klasse Va.*
- n. *Bedriuwserhuzing nei oare wiete bedriuweterreinen ûndersykje as alternatyf foar in djoere nije farwei nei Drachten.*
- 20 o. *In yntegrale fisy-ûntwikkeling oangeande de takomst fan de Ofslútdyk en as Provinsje mei ynvestearje yn in yngreven renovaasje en ferromming fan de skutsluzen yn de Ofslútdyk.*
- p. *Omtinken foar de ferbinings tusken de doarpen oan de provinsjale dyk Ljouwert-Boalsert.*
- q. *Trochstreaming en feiligens op N358 ferbetterje.*
- r. *It besparjen fan tsientallen miljoenen euro 's troch it bondeljen fan wegenûnderhâld yn langrinnende kontrakten.*
- 25 s. *Der moat oer fiif jier ien oanbesteging komme foar de hiele provinsje, foar trein en bus.*
- t. *De feartsjinsten nei de Waadeilannen yn in provinsjale konsesje ûnderbringe.*

5. Fryslân libbet

Ynset foar de mienskip

De FNP is in echte mienskipspartij. De mienskip, de minsken, dêr giet it de FNP om, omdat de mienskip de mooglikheden yn har draacht foar ferbining, fernijing en de stille krêft is efter alle ûntwikkelingen, sa
5 't de minsken dat sels dwaan wolle. Dy krêft komt benammen ta utering yn it omgean meielkoar en yn de wize, wêrop de minsken foar elkoar opkomme en elkoar fersterkje.

De FNP wol dat de provinsje him yn it foarste plak ynset foar it fersterkjen fan de dwersferbinings fan de Fryske Mienskip. Mienskip is mear as inkeld in optelsom fan yndividuen. De taal en kultuer binne it semint fan de mienskip. Dat sjogge wy werom yn it ûnderwiis, de soarch en it ferienings- en
10 muzyklibben, de sport en de media. Dêrom wol de FNP net dat de besunigings op de provinsje en yn de oare sektoaren derta liede dat de leefberens op 'e doarpen en yn de wiken derop efterút giet. De FNP is fan betinken, dat de provinsje omtinken ha moat foar foldwaande berikberens en beskikberens fan soarch- en ûnderwiisinstellingen. Der moat in goede sprieding oer de ferskate regio's yn Fryslân wêze. De provinsje moat der nei stribje om yn de gearwurkings- en streekaginda 's dizze aspekten in dúdlik plak
15 te jaan.

De FNP giet út fan in iepen maatskippij dy't gastfrij en respektfol mei oare kultueren en libbenswizen omgiet. Nije Friezen, minsken dy't har hjir ta wenjen sette, moatte ek meidwaan kinne oan de kultuer hjir. Tagelyk moat der ek romte wêze foar elkenien om harsels wêze te kinnen.

20 Kulturele Haadstêd 2018

No 't Ljouwert keazen is ta Kulturele Haadstêd fan Europa yn 2018 (KH2018) lizze der pracht kânsen foar ús Fryske mienskip. It Ferhaal fan Fryslân sil no troch de Fryske mienskip yn syn hiele hear en fear ferteld wurde. Ferbiningen kinne lein wurde mei oare gebieten yn Nederlân, mar ek mei oare regio 's yn Europa. Sa ek mei de oare Fryslannen. De KH2018 sil ekonomysk in protte foar Ljouwert en hiel Fryslân opsmite,
25 mar ek op kultureel mêd sil it in ferriking wêze fan, foar en troch de mienskip. It is de kâns om no winsken te fersulverjen, dy 't bliuwend in útwurking ha yn de takomst.

De FNP fynt dat der yn de projekten fan KH2018 ek in dúdlik plak wêze moat foar meartaligens, sadat it Frysk in ekstra ympuls krijt. De FNP tinkt dêrby ûnder oaren oan it projekt "Lân fan Taal", in multimediaal sintrum foar taal, skiednis en kultuer. Mei troch dit sintrum kin Fryslân har sjen litte as it sintrum fan
30 Europeeske meartaligens.

De Provinsje sjocht KH2018 dúdlik as in stimulâns foar taal, keunst en kultuer yn Fryslân. Fan datoangeande wol de FNP graach de klam lizze op de aktivearjende mooglikheden fan KH2018 foar de eigen befolking. Foar de ûnderskate projekten yn it ramt fan KH2018 moat dêrom socht wurde nei safolle mooglik partisipaasje fan keunst en keunstners út Fryslân.

35

It Frysk en de streektalen

De provinsje Fryslân hat troch de nije Taalwet en de desintralisaasje mear sizzenkip krigen oer it Frysk. De romte yn de praktyk foar de minsken om it Frysk, of ien fan har streektalen, te brûken is lykwols de lêste jierren hurd minder wurden. It Frysk komt hieltyd mear ûnder druk te stean. It is dêrom needsaaklik om mei in yntegraal plan foar it Frysk te kommen, in “Deltaplan Frysk”. De mooglikheden, dy’t Fryslân krigen hat, sille rap konkreet makke wurde moatte. De provinsje moat hjirby de rezjy nimme en opdracht jaan om sa ‘n plan mei faasje te ûntwikkeljen. Der lizze yn de praktyk in soad boustiennen klear, mar it binne noch te folle losse ûnderdielen.

It is fan it grutste belang dat yn it Deltaplan foar it Frysk ideeën en maatregels dellein wurde dy’t liede sille ta in sitewaasje wêryn’t it Frysk sawol sprektalich as skriftlik mear en better brûkt wurdt troch de Fryske befolking sels. Ien en oar rekket ek oan it imago fan de taal. De FNP wol dêrom ta op it yn it libben roppen c.q. ynskeakeljen fan in apart taalbefoarderings- en taalpropagandaburo, mei in eigen lieding en budzjet, as koördinaasjesintrum foar it Deltaplan.

De ûntwikkeling fan it taal - en kultuerbelied en it Frysk eigene is ien fan de wichtichste kearntaken fan Fryslân. De FNP wol dan ek, dat der ynvestearre wurdt yn de Fryske Akademy en de University Campus Fryslân te Ljouwert (UCF), dêr’t meartaligens ek ien fan de spearpunten is. De UCF is in ympuls foar de takomst fan ús jongerein en kin in opstap wêze nei mear heechwaardige banen yn ús provinsje.

Ek wol de FNP dat it nije Taalorgaan ‘Dingtiid’ in echt Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer wurdt, om in effisjinte útfiering fan taalbelied en taalplenning mooglik te meitsjen. It komt no oan op it goed ynfieren fan de nije Taalwet. Dit moat op koarte termyn troch de provinsje yn oparbeidzjen mei Ryk, gemeenten en oare organisaasjes dien wurde.

Ryk en provinsje moatte soargje dat de Fryske taal en kultuer sa folle mooglik yn alle maatskiplike domeinen konkretisearre en befoardere wurdt. De FNP set him der foar yn dat ôfspraken, dêr’t Nederlân troch it Europeesk Hânfêst foar Regionale en Taalminderheden foar tekene hat, ek neikommen wurde. De Fryske literatuer, ek yn fernijende foarmen en mei oersettings krijt ek stipe.

De FNP wol dat de Provinsje út har ferantwurdlikheid foar de hiele mienskip fan Fryslân wei ek in mear aktyf stimulearjend en fasilitearjend belied fiert foar de steds- en streektalen. Lykas it Bildts en it Stellingwerfs. Dat jildt ek foar de Fryske gemeenten dêr’t dy talen brûkt wurde. De mooglikheden wurde besjoen om projekten yn dit ramt oanheakje te litten by Kulturele Haadstêd 2018.

30

Underwiis: kwaliteit en meartaligens

De kwaliteit fan it ûnderwiis is foar de FNP tige wêzenlik. Lyksa dat goed ûnderwiis foar elkenien beskikber en berikber is. Der heart foar ús by dat alle bern yn Fryslân de kâns krije om har meartalich te ûntwikkeljen. De meartalige ûntwikkeling, dy ‘t by de twa- en frysktalige pjutteboartersplakken al úteinset is, moat net ophâlde by de basisskoalle, mar giet troch mei in trochgeande line fan it meartalich ûnderwiis fan pjutteboartersplak oant Universiteit (UCF). Ek yn it spesjaal ûnderwiis moat der romte komme foar it aktyf brûken fan it Frysk.

Al mear as 150 plakken binne mei stipe fan de provinsje in sertifisearre Frysk-of twatalich pjutteplak of berne-opfangplak wurden. De FNP is fan betinken, dat de provinsje de latte omheech bringe moat. Wy wolle berikke dat yn 2018 70% fan it pjuttewurk meartalich is.

5 It tal Trijetalige basisskoallen, dêr 't de trije talen – Nederlânsk, Frysk en Ingelsk –bewust in kwalitatyf goed plak krije, wol de FNP mei faasje fierder útbouwe. It docht bliken dat trijetalige skoallen mei ta de bêsten hearre. Dat moat op termyn de gongbere noarm fan ûnderwiis yn Fryslân wurde, om't it de measte takomstwearde hat foar de bern, fine wy. Ek de twatalige skoallen, dy 't it Frysk as fak en fiertaal ynfierd ha en in taalbeliedsplan makke ha, dat de kwaliteit fan meartaligens foarop set, wolle wy stypje.

10 De provinsje moat ynsette op kwalitatyf goed ûnderwiis. Dat betsjut dat dosinten dy't de swiere taak hawwe om op in lytse skoalle te wurkjen, bettere begelieding en mear minsken foar de klasse krije moatte.

15 Kearndoelen foar it Frysk sille op 'e nij fêststeld wurde. Wy wolle dat dêrby net de beheinings útgongspunt binne, mar de mooglikheden. De FNP pleitet foar kearndoelen, lykweardich oan de kearndoelen Nederlânsk en ôfstimd op de trochgeande meartalige learline . No 't de provinsje Fryslân sels it foech en de middels foar it Frysk yn it ûnderwiis hat, moat it belied echt fuotten ûnder it gat krije. Wy hawwe berikt dat der in nij evaluaasjesysteem leit mei toetsen, sadat de ûnderwiisynspeksje de kommende tiid de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk krekt sa folgje kin as foar it Nederlânsk.

20 De oplieding foar de dosinten yn it basisûnderwiis moat dêr ek op ôfstimd wurde. Dêrfoar is de trijetalige stream op de Pabû in wichtich ûnderdiel. Yn it fuortset ûnderwiis komt de meartaligens stadichoan ek mear yn it lesprogram. Prachtich materiaal is sûnt koart ek foar hannen. De provinsje moat doelen stelle om it tal meartalige skoallen foar it fuortset ûnderwiis út te wreidzjen. Bern dy 't in meartalige ûntwikkeling op de basisskoalle meikrigen ha, kinne dan dy learline trochsette. Ek yn it middelber- en heger beropsûnderwiis binne noch in tal fan aksjes te dwaan. De FNP pleitet dêrom foar in Deltaplan foar in learline meartaligens yn it ûnderwiis mei heldere doelen en foldwaande middels en

25 materialen.

De FNP sjocht graach dat Ljouwert him noch mear ta in brûzjende studintestêd mei ynternasjonale útstrieling ûntwikkelet. Hjir lizze nije kânsen, no 't Ljouwert ek keazen is ta Kulturele Haadstêd fan Europa.

30 Goed heger ûnderwiis yn Fryslân is fan it allergrutste belang. Sa spylje de NHL en Stenden hegeskoalle mei oare kennisynstellingen as Wetsus, de Fryske Akademy, de Waadakademy en Tresoar in wichtige rol foar de studinten. De FNP stribbet, no't de UCF útein set is, fierder nei de ûntwikkeling ta in eigen universiteit foar Fryslân.

Sport: Thialf en Fryske sporten

Sport en bewegen binne de lêste jierren hieltyd wichtiger wurden foar de mienskip. Dêrby leit it aksint net allinne mear op de ûntspanning. Sportferienigingen spylje yn de mienskip in binende rol, mar befoarderje ek dat de minsken sûner libje. De breedtesport foar alle Friezen wurdt troch de provinsje 5 aktyf stipe as it oan de FNP leit. Troch ús topsporters is Fryslân aardich op 'e kaart set. Topsport is in posityf fisitekaartsje foar Fryslân. Thialf moat mei faasje renovearre wurde en de reedriderstempel fan de wrâld wurde: de bêste en de duorsumste. Fryske sporten lykas fierljeppen, keatsen, skûtsjesilen en Frysk damjen meitsje ûnderdiel út fan it Frysk eigene en moatte troch de provinsje stipe wurde, sadat se har fierder ûntwikkelje kinne. De FNP wol der foar soargje dat de Fryske sporten in plak krije binnen de 10 projekten fan de Kulturele haadstêd. Benammen op it mêd fan it keatsen lizze hjir ferbiningen mei oare parten yn Europa en de wrâld.

Media: Omrop Fryslân en in Frysk mediasintrum

De Fryske media binne fan grut belang at it giet om it stimulearjen fan It Frysk en de beide streektalen, 15 mar ek fanwegen de kontrôle troch de parse fan de oerheid en it ynformearjen fan de boargers. Njonken de deiblêden, binne radio, televyzje en ynternet fan grutte wearde.

Omrop Fryslân moat in selsstannige publike stjoerder mei in alsidige en folsleine programmearing yn it Frysk bliuwe. De FNP striidt foar foldwaande strukturele finansiering om dit mooglik te meitsjen. It Ryk en de Provinsje moatte soargje dat Omrop Fryslân 'ús eigen omrop' bliuwt.

20 De FNP wol stipe jaan oan in Frysk mediasintrum, dêr 't de skriuwendende parse en de Omrop op fernijende wize mei-inoar oparbeidzje. Ynternet en moderne sosjale media betsjutte foar de meartaligens yn Fryslân in ekstra ympuls.

Yn it taalbelied fan de provinsje stiet, dat de provinsje sels in wichtige foarbyldfunksje hat by it aktyf brûken fan it Frysk. Wy bliuwe der op oanstean dat dit mear en better merkber tapast wurdt. Lyksa by 25 de kompetinsje 'Frysk' fan it eigen persoanlik fan de provinsje.

Aksjepunten:

- a. *In Deltaplan Frysk foar yntegraal taalbelied yn mear domeinen fan de mienskip as no.*
- b. *In provinsjaal spriedingsplan foar foldwaande kwalitatyf basisûnderwiis(berikber en beskikber).*
- 30 c. *De trochgeande learline meartaligens fan pjut oant en mei it wittenskiplik ûnderwiis fierder ûntwikkelje en dêrfoar middels beskikber stelle boppe-op de ryksmiddels.*
- d. *It tal Frysk- en twatalige pjutteboartersplakken fergrutsje nei 70 % yn 2018.*
- e. *Ferdûbeling fan it tal Trijetalige skoallen. Ekstra stipe foar twatalige skoallen mei in taalbeliedsplan.*

- f. *Tafersjoch op de kwaliteit fan it Frysk as fak en fiertaal troch de ynspeksje.*
- g. *In oanjager om oer de mearwearde fan de meartaligens yn it ûnderwiis foar te ljochtsjen en skoallen te stypjen by it starten fan de ymplementaasjetrajekten.*
- h. *De nije taalwet ynfiere yn oparbeidzjen mei gemeenten, organisaasjes en bedriuwen.*
- 5 i. *Der moat apart belied komme foar in folweardich Frysktalich media-oanbod.*
- j. *Omrop Fryslân stypje as publike stjoerder mei in folsleine programmearing yn it Frysk.*
- k. *In útkristallisearre en aktualisearre ûntheffingsbelied by de Provinsje foar it Frysk yn it ûnderwiis; de Provinsje regelet ek it ynfieren fan in normearre toetssysteem foar it Frysk.*
- l. *Stipe foar de pabû-oplieding mei in trijetaligestream; der kin aanst gjin les mear jûn wurde troch*
10 *minsken sûnder foech Frysk.*
- m. *Trochgean mei de ûntwikkeling fan modern Frysk materiaal foar pjutten oant en mei it wittenskiplik ûnderwiis.*
- n. *Stypje dat skoalbestjoerders, skoallieders en learkreften har ferantwurdlikheid nimme foar goed ûnderwiis Frysk.*
- 15 p. *Trochgean mei de stipe foar it behâld fan de A-status fan Thialf.*
- q. *Fryske sporten bliuwend stypje, bygelyks de Fryske Olympiade.*
- r. *Stipe fan de provinsje foar fernijende ûntwikkelingen yn de media lykas in Frysk Mediasintrum.*
- s. *De foarbyldfunksje fan de Provinsje wier meitsje om sels mear it Frysk te brûken.*
- t. *In mear aktyf stimulearjend en fasilitearjend belied foar de steds- en streektalen yn Fryslân, ek nei de*
20 *gemeenten ta en wêr mooglik streektaalprojekten oanheakje litte by Kulturele Haadstêd 2018.*

6. Fryslân wennet

De kwaliteit fan de romte

5 Fryslân is de moaiste provinsje fan Nederlân. En dat wolle wy sa hâlde! It útgongspunt fan de FNP yn it romtelik belied is dat ûntwikkeling mooglik wêze moat as dy past by aard en skaal fan de besteande omjouwing. Dêrom gjin nije yndustryterreinen as der gjin konkreet ferlet is en der op oare plakken yn deselde regio noch romte is. It opknappen fan besteande bedriuweterreinen moat trochset wurde en oantreklik makke wurde. Fanwege de grutte oanslach op it lânskip is de FNP foar it opromjen fan de solitêre wynmûnen.

10 De FNP spant him fûleindich yn foar it behâld fan byldbepalende wenhuzen, pleatsen, tsjerken, lanskipseleminten en oar ûnreplik erfgoed. In nije bestimming dy 't past yn de omjouwing hat dêrby ús foarkar. Tsjusterens by nacht is in kearnwearde foar de kwaliteit fan ús leefomjouwing. Yn it belied bygelyks foar stâlen, bedriuwegebouwen, glêstúnbou, strjitferljochting en reklame wol de FNP fan ljochthinder in swierder punt meitsje.

15 Krimp yn de regio

Krimp fan de befolking, fergrizing en it ferhúzjen fan de jeugd nei de stêd is yn beskate regio's in gegeven. It hat gjin doel dêr krampeftich op te reagearjen bygelyks mei groeiplannen en troch wenningen te bouwen dêr't gjin fraach nei is. Wol is der ferlet fan wenten dy't in libben lang meikinne, of tydlike wenten foar jongerein of âlderein dy't soarch nedich hawwe. Lykas fan betelbere huzen foar jongeren dy't bewust kieze om mei har húshâlding op de doarpen te wenjen. Dêrom is it fan belang dat it wenjen en de krimp op regionaal nivo besjoen wurdt, seit de FNP. Leare fan dúdlike ûnderfinings út oare krimpregio's hat de foarkar boppe it betinken fan nije eksperimintele maatregels. De provinsje mei gjin belied fêststelt dat de krimp oanjaget.

25 Wenbelied werom nei de maatskiplike taak

It provinsjaal belied foar wenjen moat noch mear as no regionaal regele wurde. Dat kin net sûnder de ynbring fan saakkundige partijen as gemeenten, wenningboukorporaasjes, makelders, ynvesteaders en boubedriuwen. De provinsje moat hjirby de binende faktor wêze en de strategyske beslissings nimme. De FNP wol de wenningstiftings werom hawwe nei har sosjale taak: it bouwen en behearen fan sosjale wenten. Dêrta moatte de lokale folksfertsjintwurdigers wer in stim yn de bestjoeren krije. Yn it ramt fan steds- en doarpsfernijing moatte korporaasjes mooglikheden krije om keapwennings en lytsskalige aktiviteiten te realisearjen.

35 Haachske maatregels oangeande wentbouferienings, lykas de ferhierdersheffing en de saneamde sanearingsstipe pakke foar Fryslân tige ûnfoardielich út. De FNP wol dat dizze maatregels fan tafel geane, sadat ús wentebouferienings mear finansjele earmslach krije en harren haadtaak, it bouwen fan foldwaande goedkeapere hierwenten, wer mei faasje trochsette kinne.

Lokale foarsjenningen

De tanommen (auto)mobiliteit fan minsken betsjut ek dat net alle foarsjennings mear oeral hoege te wêzen. Ekonomysk kin dat ek net mear. Ek hjir hat de skaalfergrutting syn beslach krigen. De kwaliteit fan dy foarsjennings wurdt nammerste mear fan grut belang. De minsken easkje ek mear as foarhinne.

- 5 Wenkwaliteit en kwaliteit fan de foarsjennings lykas ûnderwiis bepale sa de leefberheid fan it plattelân. Doarpshuzen en projekten fan de lokale mienskippen spylje dêr in fitale rol yn. De FNP wol dat Doarpswurk en it streekwurk dêrom bliuwend stipe wurde troch de provinsje.

Streekaginda's

- 10 It wurkjen mei de fiif regionale streekaginda's is ûnmisber by de oanpak om de leefberens te ferbetterjen. Yn 'e mande mei gemeente en ynwenners wurde ambysjes en doelen per streek bepaald sadat der maatwurk levere wurde kin. De streekaginda moat dé drager wurde om de kommende jierren Europeeske subsidzjes binnen te heljen.

15 Detailhannel

De ekonomyske krisis, digitaal winkeljen en demografyske feroarings hawwe grutte gefolgen foar de detailhannel. Dat giet te'n koste fan it ferskaat en kwaliteit fan de winkelgebieten. De Fryske binnenstêden moatte dêrom ta op kompakte kearnwinkelgebieten sadat se oantreklik bliuwe foar ynwenners en toeristen. It Ryk moat dêrfoar fiskale fasiliteiten beskikber stelle, de provinsje moat dizze ûntwikkeling nei mear kompakte winkelgebieten aktyf fasilitearje. Gjin nije grutskalige detailhannelplaza's oan de râne fan de stêd, seit de FNP.

20

Aksjepunten:

- 25 a. *Gjin nije wynmûnen op lân, besteande wynturbines opromje en stribje nei in wynmûnefrij Fryslân.*
- b. *Fryslân as wenprovinsje sterk meitsje troch de kwaliteit fan it lânskip te hoedzjen.*
- c. *Opknappen besteande bedriuweterreinen hat prioriteit boppe oanlis fan nijen; altyd sjen nei it konkreet ferlet en de noch beskikbere romte yn deselde regio (de saneamde SER-ljedder).*
- d. *Ynsette op kwaliteit, net kwantiteit by de wenningbou.*
- 30 e. *Folkshúsfesting moat noch mear as no in saak fan de streek sels wurde.*
- f. *Foar wenningkorporaasjes en doarpsûntwikkelingsmaatskappijen in gruttere rol by steds- en doarpsfernijing.*
- g. *Passende nije bestimmings fan byldbepalende pleatsen en oare gebouwen dy't frij komme.*

- h. Romte yn bestimmingsplannen foar tydlik wenjen op eigen hiem foar jongerein of (mantel)soarch.*
- i. Der moat in fûns komme tsjin it fertutearzjen en ferkrotsjen fan doarpen en wenwiken. It provinsjale 'rotte kiezen' projekt moat nij libben ynblaasd wurde.*
- 5 *j. Fan ljochthinder in swierder punt meitsje yn it romtelik belied.*
- k. Gjin megawinkels oan de râne fan de stêden. In ûntwikkeling nei kompakte winkelsintra moat befoardere wurde.*

7. Fryslân duorsum

Duorsum betsjut foar de FNP dat it ferlet fan hjoed net te'n koste gean mei fan it ferlet fan de takomstige generaasje en dat lânskip en boaiem net skeind wurde meie. It is fan it grutste belang foar dizze en de kommende generaasjes dat wy Fryslan sa ûnôfhinklik as mooglik meitsje fan fossile brânstoffen, ymportearre of út eigen boaiem. Minder enerzjy ferbrûke, mear enerzjy sels lokaal opwekke.

Romte foar lokale mienskip, lânskip en leefomjouwing

De FNP wol dat Fryslân in eigen lange termyn plan foar duorsume enerzjy delset dat rjocht docht oan de lokale situaasje en droegen wurdt troch de mienskip. Lânskip en leefomjouwing wurde yn dat belied net ûndergeskikt makke oan koarte termyn gewin. Boppe al moat it plan útgien fan it eigen enerzjy ferbrûk. Fryslân kin derby foarop rinne by it benutten fan ierdwaarmte, blue-enerzjy, eb en floed, ferbettere foarmen fan biogas, brânstofsellen en waarmtekrêfkoppeling mar ek effisjinte maatregels foar it besparjen fan enerzjy. Yn dit belied is perfoarst gjin gjin plak foar skaaljegas, Co2 opslach as kearnenerzjy. Fryslân moat sels it foech hawwe oer de útfiering fan dit plan. Lanlike regeljouwing dy't dizze omslach tsjinwurket moat oanpakt wurde. Foarbylden binnen de omtrint folsleine frijstelling op enerzjy belêsting foar grutferbrûkers en it kearen fan inisjativen troch swiere easken te stellen oan eigen oandiel yn en gearstalling fan oankochte enerzjy.

20 Enerzjy: alternativen foar wynturbines

Foar de FNP is dúdlik dat de generaasje fan no in oanset meitsje moat om de útstjit fan Co2 en oare broeikasgassen werom te bringen. It Kyoto akkoart is hjirfoar in goed middel en dêr meie wy net foarwei rinne. Mei mear as 20m2 dak per persoan, in protte wyn en in lange sâlt-swiet wetter kustline is der in protte mooglik. It Fryske bestjoer moat hjir ferstannich en selsbewust mei omgean en de keazen middels ynsette foar de belangen fan de Friezen en net foar De Haach.

It ferminderjen fan de enerzjykonsumpsje moat stimulearre wurde mei passende maatregels. Fryslân moat syn evenredich oandiel nimme yn de lanlike ynspanning as it giet om mear duorsume enerzjy. Neffens ús enerzjyferbrûk sitte we dêr mei 530 MW al fier oerhinne. Mear wynmûnen wolle wy net, wol minder. Bestearde wynmûnen op it lân moatte opromme wurde. De FNP wol dat de Provinsje hjirta dielnimt yn it park Iselmar. Mei de provinsjale oandielen komt der romte om doarpsmûnen partisipearje te litten. Op opbringsten moatte brûkt wurde foar in fûns om solitêre mûnen op te romjen. Fryslân moat der op oanstean dat dizze Megawatts mei oare enerzjy boarnen opwekt wurdt as wynmûnen.

FNP wol aktyf belied foar it better benutten fan it dakopperflak fan stallen en loadsen foar sinnepanielen. Dat jildt ek foar de dakken fan bedriuwsgedebouwen op yndustryterreinen en foar platte dakken op skoallen en sporthallen. De salderings-regelingen moatte hjir op oanpast wurde sadat boargers dizze dakken yn stee fan harren eigen dakken brûke kinne. Sinnepaniel-parken binne foar de

FNP besprekber as de oanbelangjende mienskip hjir om freget en der gjin geskikte dakken fûn wurde kinne.

Kringloop by oare grûnstoffen

- 5 FNP sjocht it Widze ta Widze (*'Cradle to cradle'*) prinsipe as liedend foar de takomst. Ofdankte materialen net as ôffal behannelje mar brûke as grûnstof foar wat nijs. Dat begjint foar de FNP by it keapgedrach fan konsuminten. Yn Fryslân mar foaral ek binnen Europa sil de fraach nei duorsume Fryske produkten allinnich mar tanimme. Aktive promoasje fan de kwaliteiten fan Fryske produkten is hjirby it stekwurd. De provinsje Fryslân rint hjirby aktyf foarop as it oan ús leit.
- 10 Ofpraten regeljouwing foar earlike produksje, stank-, lûd en ljochtoerlêst moat hanthavene wurde en der wêr as de mienskip der om freget oanskerpe wurde. It is needsaaklik dat Fryslân syn eigen miljeutsjinst FUMO behâldt. De útstjit fan de ôffaloven REC yn Harns wolle wy kritysk folgen bliuwe.

Bewiislêst fan skea troch gas- en sâltwinning moat omkeard wurde yn de Mynbouwet, sa dat de gewoane boarger dy't skea hat makliker syn rjocht helje kin.

15

Sûn wetter en droege fuotten

- Op tal fan plakken by de Fryske waadkust del foldogge de seediken net mear oan de feilichheidseasken. It liket derop dat in tin befolke gebiet, in lytser ekonomysk belang en de hege kosten hjirmei te krijen hawwe. Lykwols der is oan Fryslân tasein dat net ien der hjir kwa feiligens op efterút gean soe. De FNP
- 20 is fan betinken dat it opknappen fan de seediken net langer útsteld wurde mei. Droege fuotten is in nasjonaal feiligheidsbelang, de oare provinsjes moatte dêroan solidêr meibetelje.

- De seediken wurde wat de FNP oangiet net binnendyks ferbrede mar bûtendyks fanwege it romtebeslach oan de binnenkant. Dêr't dat mooglik is wurdt ek gebrûk makke fan de kwelder as buffer om de golven te brekken. De provinsje moat der yn oerlis mei Ryk nei stribje om ynnovative
- 25 ferbetteringsmetoaden nei Fryslân ta te heljen. Lykas it oanlizzen fan nije kwelders yn stee fan allinnich asfaltdiken (*'bouwe mei de natuer'*).

Wetterbehear kritysk hifkje

- Klimaatferoarings, mear rivierwetter en boaiemdelgong binne reden om it wetterbehear kritysk te
- 30 besjen. In grut en djoer gemaal op Lauwerseach is foarearst net nedich, mar de FNP wol dat der al nei (goedkeapere) alternativen foar de útwettering sjoen wurdt. Binnendyks binne hegere boezem-wetterkearings allinnich net foldwaande. Om genôch wetter fêst te hâlden moat der mear kapasiteit yn de boezem en de polders sels brûkt wurde. Yn droege simmers moat der genôch swiet wetter foar de lân- en túnbou beskikber wêze. Ek moat de grûnwetterstân op peil bliuwe. Wy wolle dat de provinsje
- 35 der foar soarget dat de ôfspraken út it lanlike Deltaprogramma oer de feiligens fan de seediken neikommen wurde. De FNP striidt tsjin ûnnedige peilferheging fan de Iselmar.

Yn froastperioaden soarget de provinsje foar goede ôfspraken mei it wetterskip, dat meallen gjin skea dwaan mei oan in goede en feilige iisflier.

5 Gebrûk fan minder jarre en weake stront en bestridingsmiddels, maatregels tsjin minder útspieling fan mineralen yn wetter en boaiem, en lyksa de oergong nei biologyske of sletten kringloop bedriuwsfiering yn de lânbou, kinne ek de wetterkwaliteit ferbetterje. Dêr wol de FNP him foar ynsette.

10 De FNP stiet foar yntegrale oanpak fan it wetterbehear mei oare belangen lykas natuer, kultuerhistoarje, enerzjy, ekonomy en rekreaasje. Om dy reden kin der gjin praat wêze om fan de Fryske Greidhoeke ien grut peilfak te meitsjen, âlde slinken rjocht te lûken en alle opfearten ôf te damjen. It projekt Holwert oan See is yn it ramt fan yntegraal belied in prachtige kâns foar Noardeast-Fryslân dat de FNP graach realisearje wol. In kombinaasje fan wetterbehear, natuer, rekreaasje en kultuerhistoarje. Lyksa soe der in yntegraal plan foar de Ofslútdyk komme moatte mei dyselde aspekten ynklusyf enerzjy-opwekking.

Feangreide en maatskiplike kosten

15 It is wol dúdlik dat djipteûntwettering en oare yntinsivearring fan it greidebehear, mei oarsaak binne fan de weromgong fan de greidefûgelpopulaasje. Dêrom moat, miskien ynearsten foaral yn it feangreidegebiet, it grûnwetter nei in heger peil werom brocht wurde. Sjoen de ferskillende grûnslaggen yn it feangreidegebiet easket dit maatwurk. De konsekwinsje is dan wol dat de feehâlderij him oanpast yn dy gebieten. Ekonomy, rekreaasje en natuer moatte sa better yn lykwicht komme. Foar de maatskiplike kosten fan dy 'griene en blauwe' tsjinsten yn it algemien belang krije de boeren dan ek in

20 fergoeding.

De maatskiplike kosten fan it buorkjen yn de Lege Midden binne hast net mear op te bringen. De skea troch boaiemdelgong en djipûntwettering is ûnomkearber. Yn de djipste polders moat dêrom mear romte komme foar wetter, wiete natuer of wetteropfang. In dynamysk peilbehear mei minder yntinsyf buorkjen oan de rânen fan de natuergebieten leit ek foar de hân. De FNP wol jild frijmeitsje foar

25 eksperiminten en skeaherstel. Dêr't de provinsje moreel (mei) ferantwurdlik is foar skea troch boaiemdelgong en pealrot as gefolch fan djipûntwettering moat der in better wurkjend skeafûns komme as it hjoeddeistige.

Aksjepunten:

- 30
- a. *Mear ynset op enerzjybesparring, lykas subsydzje op wenningisolaasje.*
 - b. *530,5 MW is en bliuwt it absolute maksimum foar Fryslân.*
 - c. *Sinnepanielen earst op dakken, allinnich op de grûn as dat it lânskip net skeint.*
 - d. *Untwikkeling fan oare foarmen fan duorsume enerzjyopwekking lykas Blue Energy en ierdwaarmte stimulearje.*

- e. *Pleitsje foar it skrassen fan ferkeard útwurkjende belestingfoardielen en enerzjysubsydzjes dy't ûngelikense behanneling fan ynvestearders tsjinoer de gewoane boarger feroarsaakje.*
- f. *Ta op in Europeesk belied foar stroom en oare enerzjy dat oer de grinzen giet.*
- g. *Tapassing fan it Widze ta Widze (Cradle-to-Cradle) prinsipe by produkten en konsumpsje.*
- 5 h. *De beloften oan Fryslân út it Deltaprogramma neikomme: net ien soe der kwa feiligens op efterút gean; de seediken moatte sa gau as mooglik wer foldwaan oan de easken.*
- i. *Omkearing fan de bewiislest foar skea troch gas- en sâltwinning yn de Mynbouwet.*
- j. *Besjen of in innovative wetterkearing ynpast wurde kin yn de 'Holwert oan see' plannen.*
- k. *Kom mei in yntegraal plan foar de Ofslútdyk mei enerzjy-opwekking, rekreaasje, ferbreiding fan de sluzen, natuer en feiligens yn stee fan allinnich de dyk mar op te heegjen.*
- 10 l. *Mear tydlike bergingskapasiteit foar swiet wetter realisearje.*
- m. *Gjin gegriem mei CO2 opslach, skalygaswinning of radio-aktyf ôffal yn Fryske grûn.*
- n. *Alternative oplossings sykje foar gemaal Lauwerseach. In kombinaasje fan útwetteringsalternativen is mooglik.*
- 15 o. *Yn de feangreidegebieten moat mear romte komme foar wetterberging en wiete natuer.*
- p. *Ekstinsiver buorkje yn marzjinale gebieten mei blauwe en griene tsjinsten yn ruil foar in ridlike fergoeding.*
- q. *In better wurkjend skeafûns foar pealrot as it besteande*
- r. *De FNP sil it plan fan it Wetterskip ôfwize om fan de Greidhoeke ien grut peilfak te meitsjen.*

20

8. Us griene goud

Natuer en lânskip

Foar ús is de Fryske natuer yn syn hiele hear en fear de kearnkwaliteit fan Fryslân en foar ús mienskip. Dat moatte wy bewarje en dêr meie wy fan genietsje en profitearje. De provinsje is de regisseur as it giet
5 om it lanlik gebiet. Dat is in moaie en ferantwurdlike taak, dêr't net fierder op besunige wurde mei. Gauris wurdt de natuer as in kostenpost sjoen, mar dat is neffens ús net sa. De natuer smyt krekt in protte op. Dêrom, ús natuer is ús griene goud dêr't wy soarchfâldich mei om gean moatte.

De EHS en gebietsûntwikkeling

10 De lytsere Ekologyske Haadstruktuer (EHS) sa't dy mei it Ryk ôfpraat is moat yn 2027 realisearre wêze. Dy moat dan wol goed beheard wurde kinne en bliuwe. It behâld en fersterkjen fan it bioferskaat is dêrby it útgongspunt.

De FNP wol dat it behear fan de natuer wêr't dat kin safolle as mooglik troch partikulieren en boeren sels dien wurdt. De FNP is in foarstanner om dêrby 'fan ûnderen op' te wurkjen fia gebietskollektiven of
15 koöperaasjes. Yn de nije rol fan de provinsje as haadferantwurdlike foar de natuer is net dúdlik wat no noch taak en funksje fan Steatsbosbehear is. Dizze Ryksorganisaasje moat opheven wurde en oerdroegen nei it Fryske Gea. Wat de realisaasje fan 'griene' gebietsontwikkeling by de grutte ynfraprojekten oanbelanget, lykas de Sintrale As en de N381, dizze gebietsontwikkeling moat alhiel en folslein ôfmakke wurde. Tasizzingen ditoangeande oan de streek moatte neikommen wurde.

20

Agrarysk Natuerbehear

It Agrarysk Natuerbehear is natuerbehear dat past by ús mienskip. Dat moat dan wol op in sadanige wize dat de boeren it ek dwaan wolle. Dat betsjut minder burokrasy, langere kontrakten en in betroubere
25 oerheid. Dat jout op koarte en langere termyn dúdlikheid. Inisjativen om natuerfreonlik buorkjen ek minder ôfhinklik te meitsjen fan subsydzjes (en dus minder kwetsber foar besunigings) troch in stik fan dy natuertsjinsten werom betelle te krijen fia eigen produkten ut' e merk stypje wy fan herten. As bliken docht dat de besteande biodiversiteitsdoelen net behelle wurde kinne, moat ekstra ynvestearre wurde yn Agrarysk Natuer- en Lânskipsbehear.

30 Fryslân greidefûgellân

It greidfûgelbelied is foar ús as FNP tige wichtich. It fêststelde belied moat liede ta it behâld en it fuortsterkjen fan de populaasjes. As dat net sa is, dan sille wy hjir ekstra stipe oan jaan. It boargerinisjatyf Kening fan de Greide, mar ek de BFWW spylje hjirby útsoarte in rol as it giet om behâld fan maatskiplik draachflak foar us greidefûgels. Ek gebietskollektiven mei inisjativen 'fan ûnderen op'

lykas by de Skriezekrite Idzegea drage wy in waarm hert ta. By it behear fan wetter en lânskip giet de FNP út fan in greidefûgelfreonlike oanpak.

Ferantwurdlik foar de natuer

5 Skea troch bisten is in weromkommend en tanimmend probleem. Boeren en de natuer hawwe der lest fan. De jacht is in middel om der wat oan te dwaan. Wy wolle besjen oft de muskusrottefangers fan it Wetterskip in bydrage leverje kinne oan it behear fan it natuerlik lykwicht fan it wyld yn Fryslân. De bestriding fan streuperij moat mear prioriteit krije as it oan de FNP leit.

10 De oanpak fan de winterguozzen oant it nivo wêrop de skea foar boeren én de belestingbeteller akseptabel is moat foarearst trochset wurde. De kommende jierren moat by de evaluaasje bliken dwaan oft ús jagers by steat binne en bring it tal winterguozzen werom. Dêrnjonken moatte grutskalige rommingsaksjes fan simmerguozzen realisearre wurde.

15 De skea troch dassen – in wetlik beskerme bistersoort - is in hieltyd grutter wurdend probleem, benammen yn it súdeastlike part fan Fryslân. Wy wolle dat de provinsje in plan fan oanpak opstelt mei alle oanbelangjenden om de skea fan dassen te beheinen.

Duorsume fiskerij

20 Yn de Fryske fiskerij hawwe wy de berospfiskers op it Waad en de Noardsee, de Iselmarfiskers, de binnenfiskers en de sportfiskers. Foar alle fiskerij aktiviteiten jildt dat dizze duorsum wêze moatte. Dat hâldt yn de fiskpopulaasje yn lykwicht hâlde of wer tanimme litte. De Iselmarfiskerij sit op in dea spoar. It Ryk, dat de fergunnings ferlient foar de iselmarfiskerij mar ek eigener is fan de fiskrjochten moat der neffens de FNP foar soargje dat fiskers útkocht wurde kinne. Sa kin mei folle minder fiskers tawurke wurde nei in duorsume fiskerij op 'e Iselmar.

25 De sportfiskers binne in rekreatyf-toeristyske mar ek ekonomyske faktor fan belang yn Fryslân en fertsjinje beliedsmjittige en praktyske stipe fan de Provinsje. De besteande gearwurking wolle wy dêrta trochsette.

De fiskmigrasjerivier yn de Ofslutdyk wol de FNP realisearje om't dêrmei it ekologysk lykwicht tusken Iselmar en Waadsee werom brocht wurde kin.

30 **Aksjepunten:**

- a. *Stimulearje it wurkjen 'fan ûnderen op' mei gebietskollektiven en koöperaasjes yn it agraryske natuer- en lânskipsbehear.*
- b. *Steatsboskbehear nei it Fryske Gea ta.*
- c. *Greidefûgelfreonlik wetter- en lânskipsbehear.*

- d. *Werombringen fan de guozze-oerlêst.*
- e. *Bestriding fan de streuperij krijt mear prioriteit.*
- f. *Iselmarfiskers útkeapje troch it Ryk en ta op in duorsume fiskerij.*
- g. *Besteande stipe fan de Provinsje oan de sportfiskers trochsette.*
- 5 h. *Tasizzingen fan de Provinsje oer gebietsûntwikkeling om de Sintrale As en N381 hinne neikomme.*
- i. *It behâld fan ekologysk en kultuerlânskiplik wichtige eleminten lykas dykswâlen en elzesingels in better plak jaan yn it belied foar agrarysk natuer- en lânskipsbehear.*
- j. *Stipe foar streekeigen produkten en gewaaksen om minder ôfhinklik te wurden fan subsydzjes allinnich by it natuerfreonlik buorkjen.*

10

